

Hiel it fleanend himmelhear yn wurd en byld

Wat dogge fûgels? Hoe sjogge se derút? Hoe hjitte se? Boartliker kennismeitsje mei it fearrefolkje as yn *Tsjilp!* kin suver net. In boek dat trije miggen yn ien klap slacht.

Gimmestykjende blau-mieskes, oan 'e fammen roppende bûnte spjochten, har foar snoekman en skrokop ferbergjende hjerringslynderkes, as steatejachten yn sleatten driuwende swannen, stoef tunnelgravende moddersweltsjes. Yn *Tsjilp!* fan Eppie Dam en Lienke Boot wurdt hiel it fleanend himelhear presintearre yn wurd en byld. It boek, mei hurd kaft en op moai grut formaat, bringt '25 fûgelgedichten foar grutte en lytse protters', seit de ûndertitel, en by elk fûgelfers fan Dam heart in kleurige linoleumfuk fan Boot.

Al earder wurken beide libbenspartners súksesfol gear mei de útjefte *Oer de wjuk* (2013, in blomlêzing fûgelgedichten út de grutte-minskeliteratuer) en *Nije bloei* (2014, in blomlêzing út it wurk fan dichter Jan Ritskes Kloosterman), beide gearstald troch Dam mei pintekeeningen fan Boot. *Tsjilp!* is foar lêzers fan alle leeftiden ornearre, mar is benammen in prachtich foarlês-, lit-sjen- en lis-út-boek foar âlden dy't har bern leafde bybringe wolle, net allinnich foar it lêzen, mar ek foar de natuer en de keunst. Trije miggen yn ien klap!


Foar de keunst ek, jawis. Tusken de ôfbyldingen sit mannich pronkje, lykas de earrebarre op syn nêst by nacht, de hjerringslynder mei har jongen yn de driigjend-tsjustere griene sleat, de fiskjende iisfûgel op syn Japanske tûke, de twa swijende wite swannen op it blauwe wetter, de parmantige protters op in rychje, of de biddende wikel mei

syn breed útsprate wjokken. Boot – dy't de geheimen fan it linoleumfukjen opstuts fan learmaster Gerrit Terpstra – neamt harsels leaver yllustratrise as keunstner, mar dy beskiedenheid is nergens foar noadich. De fûgels binne sûnder útsûndering goed troffen, mei wisse streken delset, it oerstalige is oardielkundich weilitten en ek it kleurgebrûk is in woldied foar de eagen.

Nijfoarmingen

Dam syn fersen bringe de fûgel- en de bernewrâld byinoar yn strofyske, jambyske en rymjende fersen dy't derhinne rôlje as wie it neat. 'Tuft in boatsje troch de sleat, / keffend as in hûntsje, / hiel'ndal swart, in likje read, / no rjochtút en dan in rûntsje', sa docht it reid-hintsje. Spannend is it fers oer de seefûgels: 'Ynvaazje op 'e dwinger! / Oarloch op it stoart! / Manmachtich is it leger, / de loft fan kobben swart.' Gauris bringe de gedichten ek nijfoarmingen dy't oanslute by de bernewrâld, yn it fers oer de Turkse toartel bygelyks wurden as 'bekjebiddelje', 'krûpekopje' en 'troetelboartsje'.

In ekstraatsje is dat de fûgel-nammen meartalich fermeld wurde, yn it Frysk, Latyn, Nederlâns, Ingels, Dúts en Frâns. Sa hjit de bûnte lyster yn it Dútsk fan 'Singdrossel', de ka yn it Ingels 'jackdaw' en liket de modderswel yn it Frâns wol fan adel te wêzen: 'hiron-delle de rivage'. Opfallende ôfwêzige yn *Tsjilp!* – in wink om it bistke mar mei rêst te litten? – is de ljip.



Poëzij

Tsjilp! 25 fûgelgedichten foar grutte en lytse protters

Eppie Dam

Mei lino's fan
Lienke Boot

De Ryp
€ 12,00